Besite kolleezje oan Doarpsbelang Gytsjerk

It kolleezje fan Tytsjerksteradiel brocht tiisdeitemiddei 3 novimber een besite oan Gytsjerk en is ûntfongen troch Doarpsbelang. De besite bestie út trije ûnderdielen: in doarpskuier mei besite oan in pear bedriuwen, in ynrin foar ynwenners en in oerlis oer wentebou, maatskiplik fêstguod en feiligens.

De kuier begong by Rekladruk en dat wie ek it earste bedriuw dêr't binnen de doarren sjoen waard. Underweis nei it folgjende bedriuw waard it kolleezje op'e hichte brocht fan it hurde riden op de Rinia van Nautawei súd en oer de histoaryske buordsjes dy't hjir lêstendeis pleatst binne. By Le Bonbon koe eltsenien efkes priuwe fan de lekkere sûkelaadsjes dy't hjir mei de hân makke wurde. Dêrnei op nei it sintrum, wêrby't beneamd is dat DB bliid is mei de twa tagongsdiken dy't al yn bakte klinkers lizze en it winkelsintrum. It grienplan en globaal de plannen dy't der binne mei de iisbaan kamen oan 'e oarder. We genieten fan in stikje kibbeling by de fiskboer en seagen nei de mooglikheden fan in fêste stek dêr.

Doarpsgenoat Wim de Haan makke gebrûk fan de ynrin en beneamde in oantal tûkelteammen dêr't Stichting Wetterwâlden tsjinoan rint, lykas it tichtgroeien fan de wetters mei planten.

Oangeande wentebou binne de projekten besprutsen dy't yn'e steigers steane en is beneamd dat DB in útwreiding fan Gytsjerk sjocht achter it swimbad. It grutste ûnderwerp wie de konsintraasjeplannen foar it maatskiplik fêstguod yn de Trynwâlden: hoe't in logysk plan foar bygelyks skoallen, mienskipsromte, berneopfang en sportfoarsjennings sûnt 1,5 jier besprutsen en opset is. It kolleezje reagearre posityf op de fraach om in projektlieder oan te stellen foar in Trynwâlden-brede oanpak fan dit belangrike tema.

Yn kader fan feiligens binne noch saken beneamd lykas in rinpaad fan de Wassenberghstrjitte nei de Singel en te hurd riden op de Nije Strjitwei oan beide kanten fan de rotonde.

We sjogge werom op in slagge besite fan it kolleezje. We koene de saken dy't ús dwaande hâlde diele mei it kolleezje. Wiis binne we mei de positive hâlding oer ús plannen, benammen oer de takomstplannen foar maatskiplike foarsjennings. Dat binne wichtige betingsten om ús mienskip sûn en takomstbestindich te hâlden.